

BESLUTELIST FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIE FAN MENAMERADIEL

Tongersdei 2 novimber 2017

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T.R. Piersma
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	de hearen T. Cuperus en J.C.L.M. van der Lubbe
F.N.P.	:	de hearen S. Knol en H. Hoekstra en mefrou S. Tijsma
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hearen J. Eijzenga, J.J. Zijlstra en A. Osinga
<u>Gemeentebelangen</u>	:	de hearen K. Arendz, P. Drost, W. Roersma en P. Kingma en mefrou A.M. Mast
V.V.D.	:	de hear A. Magré
Kolleezje	:	wethâlders L. Pen en A. Dijkstra
Mei kundskip ôfwêzich	:	-

1. Iepening en meidielingen

Foarsitter iepenet de gearkomste om 20.00 oere mei in hertlik wolkom. Elk is oanwêzich. De hear Hoekstra (FNP) docht nei mei oan de diskusje oer de Pôlle en sil der ek net oer stimme om't syn soan en skoandochter dêr krektlyn in hús kocht ha.

2. It fêststellen fan de wurklist

De FNP hat moasjes yntsjinne oer de Pôlle. Dizze wurde as ekstra punt taheakke oan de wurklist, punt 9a: de Pôlle.

3. Fragen troch boargers oer net op de wurklist fermelde ûnderwerpen

Ynsprekker mefrou Van Bleek oer De Pôlle, sy wennet oan de Sportleane neist arbeidsmigranten. Dat is in hel. De lêste oardel jier hat se te krijen mei lûdsoerlêst, rommel, wetteroerlêst, ferhuzingen yn de nacht / in hiele soad ferhuzingen en ferkearsoerlest om't se te hurd te ride en auto's reitsje. It is de ynsprekker tasein troch de eigener fan de huzen dat der in húshâlding komt wenjen, mar der wenje seis mannen út ferskate lannen. Dit giet noch mar om ien wenning, hoe komt it as der folle mear wenten troch arbeidsmigranten bewenne wurde? De eigener fan de huzen seit boppedat dat de bewenners yntegrearje sille, mar hoe moat dat as minsken hjir mar 3-6 moannen wenje?

4. Fragen troch riedsleden

De hear Knol (FNP) komplimintearret it kolleezje en amtner Mulder mei de organisaasje fan de Tiny House-ynformaasje.

De hear Magré (VVD) slút dêrby oan. Is der al ynventarisearre op hokker plakken dit kin? Wethâlder Pen betanket de rie foar de komplimenten en sil se oerbringe. Oant 4 novimber kinne der plannen yntsjinne wurde. Dy wurde aansten goed besjoen, mar it sil net mear allegearre útfierd wurde. De befiningen wurde dêrom meinaam nei Waadhoeke.

De hear Drost (GB) stelt trije fragen: hoe't it giet mei it ûndersyk nei Pensjon Welgelegen, wat is de stân fan saken rûnom de lisplakkenfoarsjenning Menaam en wat hat it kolleezje oant no ta dien oan de situaasje mei de arbeidsmigranten yn Berltsum?

Foarsitter seit oangeande Welgelegen dat it ûndersyk noch net hielendal klear is. De brânfeiligens is goed, op it mêd fan romtlike oardering liket ek neat mis. Takom gearkomste is it hiele ûndersyk klear.

Wethâlder Dijkstra seit oangeande de lisplakken dat de gemeente útsiket wat it beste plak foar in haventsje yn Menaam is. De ynformaasjegearkomste is goed besocht, mar net elk wie like entûsjast. De gemeente is no mei doarpsbelangen yn petear oer hoe't it fierder giet. De hear Drost (GB) hat heard dat minsken harren net heard fiele, komt dy kâns der noch wol?

Wethâlder Dijkstra seit dat it plan presintearre is, it sicht op de boaten foel net by elk like goed. Dêrop binne de plannen oanpast. Elk wurdt útnoadige foar de presintaasje fan de plannen en kin dan ynsprekke.

5. It fêststellen fan it ferslach fan de rie fan 28 septimber 2017

Wethâlder Pen seit oangeande punt 11 dat der gjin nije ûntslutingswei komt.

De hear Harms (GL) wie der de ôfrûne kear net, mar fernuveret him deroer dat der net sprutsen is oer de negative gefolgen fan megastâlen foar lânskip, sûnens en biodiversiteit.

It ferslach wurdt fêststeld.

6. Ynkommen stikken

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget oer punt 3 (glêsfazel) oft it kolleezje de rie in advys of útstel foarlizze kin.

Wethâlder Pen seit dat hjiroer in ôfspraak makke is binnen Waadhoeke. Yn desimber praat de wethâlder de rie wer by, dan sil it plan noch net klear wêze.

7. Ynformaasje fan it kolleezje

De hear Van der Lubbe (PvdA) oer de spoaroergongen sûnder tafersjoch, is doarpsbelangen Deinum hjirby belutsen?

Wethâlder Pen hat dit yn it lêste oerlis mei doarpsbelangen besprutsen. Der wurdt oer tocht om studinten opdracht te jaan ûndersyk te dwaan nei de fytspaden, de histoaryske wearde bygelyks. Yn dat ûndersyk kin ek de ûntsluting fan Deinum meinaam wurde.

8. Gemeentlike fertsjintwurdigingen

Foarsitter oer 4: dekkingsplan 4.0 is fêststeld. Oer Waadhoeke: de ferbou fan it gemeentehûs leit op skema. De fyzje is in bytsje bysteld en wurdt yn de weryndielingskommisje besprutsen.

Wethâlder Dijkstra srit dat de aksje nuchtere Fries trochgiet. En oer SoZaWe: de earste sifers foar de wersjoene begroting 2018 lykje goed.

Wethâlder Pen seit dat Omrin in ôffal-app makke hat, dy is hiel handich.

9. List mei tasizzingen

De hear Hoekstra (FNP) freget oft de lêste saken ôfdien wurde kinne op 7 desimber. Dat wurdt besocht.

9a. De Pôlle en arbeidsmigranten / Moasjes FNP

Yn antwurd op de fraach fan Drost (steld by punt 4) seit wethâlder Pen dat yn april de fergunning ferliend is foar de earste acht wenten. Yn septimber is de fergunning ôfjûn foar noch ris 6 wenten, dêr hawwe omwenners beswier tsjin makke. Yn de rin fan septimber wurde dúdlik dat de wenten net foar húshâldingen, mar foar arbeidsmigranten wurde. It kolleezje hat dêrop mei de bouwer en de eigener praat en frege in ynformaasjegearkomste foar omwenners te organisearjen. Dat is dien, mar de ynsprekker fertelde dat sy der net by wêze mocht. Dêrfan wie it kolleezje net op'e hichte. De wethâlder skrikt fan de ferhalen fan de ynsprekker en begrypt eins net dat it safier kaam is. Der binne mear oerlizzen west mei de bouwer en de eigeners en de beswieren komme aansten oan de oarder yn de kommisje berop en beswier.

Moasjes FNP (taheakke yn bylage)

De hear Knol (FNP) jout in taljochting op de moasjes. Der is noch mar ien riedsgearkomste, dan is de berop- en beswierkommissje al west. De omwenners moatte ek witte wêr't se oan ta binne. Dêrom hat hy it inisjatyf nommen en freed in moasje rûnstjoerd oan de oare fraksjes om tegearre yn te tsjinjen. Der binne gjin tekstútstellen dien troch de oare fraksjes, mar it die bliken dat net elts alle punten stypje kin. Om de behandeling makliker te meitsjen is no de tekst út dy iene moasje opknipt yn seis moasjes. De hear Knol lêst de moasjes foar.

Wethâlder Pen oer de moasjes.

1. Op papier sette wat dien is: dat hat de wethâlder ferteld, dat oersicht kin op papier set en rûnstjoerd wurde.
2. Juridyske definysjes en hanthavenjen: der binne aardich wat beswieren binnen kaam, dy lizze no by de kommissje berop en beswier. Dy kommissje sil ek de definysjes útsykje. De wethâlder wol hjir op wachtsje. Hy hopet dat de kommissje berop en beswier dit jier noch in útspraak docht. Dat giet oer de 6 huzen, mar dan kin wol sjoen wurde wat der mei de oare 8 dien wurdt. Hanthavenjen, dat moat yn it gefal fan de ynsprekker folle earder dien wurde.
3. Juridyske kennis ynfleane: Dêr giet it kolleezje oer, as it kolleezje fynt dat eksterne adviseurs noadich binne, dan wurde dy ynset. Dizze moasje fynt it kolleezje oerstallich.
4. Foarmjen fan in fûns: Is net in taak foar it kolleezje, prinsipiël kin dat ek net. De minsken dy't der in hûs kocht ha, ha faaks ek in rjochtsbystânfersekerings wêr't se gebrûk fan meitsje kinne.
5. Skea beheine: Wethâlder wol de útspraak fan berop en beswier ôfwachtsje. It kolleezje is net bliid mei de ûntwikkelingen oan De Pôlle. Mar hoe't de skea beheind wurde kin, dat wit de wethâlder net.
6. Dit hat hiel NW-Fryslân ferrast, hjirfoar moat belied ûntwikkele wurde, dat sil dien wurde yn Waadhoeke. Dan wurdt ek oerlein mei oare gemeenten mei deselde problematyk.

De hear Drost (GB) is skrokken fan de ferhalen fan omwenners. De rie stiet net as losse fraksjes, mar as ien achter de omwenners.

De hear Knol (FNP) fynt dat de wethâlder in te grutte broek oanlutsen hat troch te sizzen dat der alles oan dien wurdt, mar no wurdt der sein dat saken net kinne. Sûnder ûndersyk. Dat is spitich.

Wethâlder Pen is it dêr perfoarst net mei iens.

De hear Drost (GB) seit dat it kolleezje der alles oan dwaan sil om ta in goeie oplossing te kommen. As FNP dêr gjin fertrouwen yn hat, moatte se in moasje fan wantrouwen yntsjinje. FNP liket mei dizze moasjes solo te gean, it liket partijpolityk sa ticht foar de ferkiezings. GB fynt de moasjes oerstallich en sil se dan ek net stypje. GB hat der betrouwen yn dat it kolleezje alles dat mooglik is docht.

De hear Knol (FNP) is hjir foar de bewenners, sy freegje om tasizzingen. Minsken wolle antwurden. Wethâlder Pen seit der alles oan te dwaan, mar wat is dat alles dan? De fraksje wol klear wêze foar 7 desimber omdat we straks opgean yn Waadhoeke, de tiid giet hurd, der kin net ôfwachte wurde.

De hear Magré (VVD) seit dat de gemeente in tal jierren lyn de túnbou hjirhinne helje woe foar de wurkgelegenheid. Beide is slagge, mar it binne gjin Nederlanners dy't hjir wurkje wolle. En dus wurdt der yn it bûtenlân socht nei arbeiders en dy moatte hûsfeste wurde. It binne der tefolle. Dit is gjin tiid foar partijpolityk, mei inoar de skouders derûnder. De wethâlder sil him maksimaal ynsette en dêr hat de VVD betrouwen yn. De moasjes binne oerstallich.

De hear Osinga (CDA) is skrokken fan de situaasje op De Pôlle en begrypt de frustraasje. Der moat dúdlikens komme foar de omwenners, mar dêrfoar moat de kommissje beswier en berop ôfwachte wurde. It CDA hat betrouwen yn it kolleezje. It moat gjin ferkiezingsitem wurde en riedsbreed droegen wurde, mar FNP komt op Omrop Fryslân en stiet yn de Ljouwerter Krante. Dat is net kies. De fraksje fynt de moasjes fan FNP oerstallich.

De hear Harms (GL) fynt moasje ien oerstallich, dat stiet aansten yn it ferslach. Moasje 2, 3 en 4: dat duorret te lang, foar't der in útspraak is, binne je seis jier fierder, dat helpt net. Moasje 5: wethâlder makket hjir wurk fan, it is ek in wetlike taak fan it kolleezje. Moasje 6: der is neffens GL mar ien rûte: oerlis mei belanghawwenden foar in plak (of plakken) foar arbeidsmigranten. Dizze moasjes biede gjin oplossingen, der moat aksje komme. De fraksje sil se net stypje.

De hear Van der Lubbe (PvdA) is skrokken fan de ferhalen fan de omwenners. It binne tefolle wenningen. PvdA fynt de moasjes fan FNP te folle en te skerp, it soarget boppedat net foar mear wissichheid foar de omwenners. Dêrom sil PvdA se net stypje. Der leit in opdracht foar Waadhoeke om regels op te stellen. PvdA hat in brede, wat mear algemiene moasje opsteld dy't yntsjinne wurdt út namme fan alle fraksjes útsein de FNP (sjoch bijlage 2).

De hear Knol (FNP) fynt dizze moasje net konkreet en sûnder tiidpaad, mar as dit it maksimale is wat de bewenners no bean wurde kin, dan tsjinnet FNP mei yn. De fraksje fynt it wol beskamsum dat dit it maksimum is.

De hear Magré (VVD) fynt dy wurden te hurd.

Wethâlder Pen nimt de moasje fan PvdA oer.

De hear Knol (FNP) fernuveret him deroer dat dizze moasje riedsbreed oannaam wurdt wylst dizze noch letter binnen kaam. It is ek opfallend dat dizze moasje net oerstallich neamt wurdt wylst dizze minder konkreet is. De hear Knol fynt it spitich.

De hear Van der Lubbe (PvdA) hat dizze moasje makke om't hy hjoed om 5 oere noch net in oanpaste moasje fan FNP sjoen hie en wol dat de omwenners wol it gefoel ha dat der foar harren saak wurke wurdt.

De hear Osinga (CDA) fynt it nuver dat FNP in soad krityk op de moasje hat, wêrom dan dochs stypje? En der moat ek lyk wurk makke wurde fan de hânhavening.

De hear Harms (GL) tinkt dat de juridyske rûte net de juste is, foar de omwenners duorret it te lang en de bouwer en eigener dogge dan lyk neat mear. Doe't it bestimmingsplan doedestiids oanpast wurde en túnbou mooglik makke waard, hat de fraksje ek pleite foar goeie hûsfêsting. Der moat no hurd oan wurke wurde, troch te praten mei alle belanghawwenden.

De hear Drost (GB) fynt it spitich foar de FNP dat alle enerzjy dy't se yn dizze moasje stutsen ha, foar neat west hat. GB giet der fanút dat de fraksje se mei goeie bedoelingen yntsjinne hat. FNP moat ek de mieningen fan de oere fraksjes respektarje. De moasje fan PvdA stipet GB.

De hear Osinga (CDA) hat in soad famylje yn Texas, dêr wurkje ek in soad bûtenlanners op de buorkerijen. Se wenje dêr op it hiem fan de boer yn mobilhomes. Is dat ek in suggestje foar Menameradiel?

De hear Knol (FNP) stipet dizze moasje omdat hy it bêste wol foar de bewenners, as dit alles is wat de rie betsjutte kin, dan stipet de fraksje it fansels.

De foarsitter bringt de moasjes yn stimming. Der wurdt haadlik stimt oer de moasjes fan de FNP 1-6:

Drost, Mast, Roersma, Kingma, Arendz, Osinga, Eijzenga, Zijlstra, Van der Lubbe, Cuperus, Harms, Magré stimme tsjin. Tijsma en Knol stimme foar. Hoekstra stimt net mei.

De moasjes binne net oannommen.

Moasje PvdA, mei yntsjinne troch de oere fraksjes wurdt oernaam troch it kolleezje en net yn stimming brocht.

Mieningsfoarming

10. Reaksje op sjenswize ûntwerp bestimmingsplan Bitgum-Bitgummole

De hear Harms (GL) wurdt bliid fan de tekst by 8.3, komplimenten!

De hear Hoekstra (FNP) seit dat garaazjes/bygebouwen tichteby de foargevel yn in earder bestimmingsplan opnaam is, kin dat hjir ek yn? De kangoeroewenten wurde ek neamd, moai dat se fleksibel brûkt wurde kinne. Komplimenten foar de oandoacht foar de kultuer en

kultuerhistoarje fan Bitgum-Bitgummole. Yn it bestimmingsplan stiet neat oer arbeidsmigranten, is it ferstannich om der in stik oer op te nimmen?

De hear Arendz (GB) is tefreden oer dit plan.

Wethâlder Pen seit dat der net in soad wizigingen binne, de garaazjes soenen wol tichter op de foargevel komme kinne, mar it hâldt de saak no wol op. Minsken dy't dat wolle, kinne it dan ek oanfreegje. In alinea oer arbeidsmigranten yn dit bestimmingsplan opnimme is wol wat ad hoc, der binne ommers folle mear bestimmingsplannen. It is better om dan in soarte fan paraplu-bestimmingsplan te meitsjen oer arbeidsmigranten, dat jildt foar alle bestimmingsplannen. Wethâlder Pen sil hjir mei oan de slach.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

11. Fêststelle bestimmingsplan útwreiding bedriuweterrein Dronryp-West

Ynsprekker de hear Hilverda hat de tredde sjenswize yntsjinne. It yndustryterrein komt op de ynsprekkers ôf. It giet om in gebiet fan 11 hektare wêrfan no 3 hektare beboud wurdt. Dy oare hektare wurde fansels letter ek beboud. Dêrtroch komt it bedriuweterrein tsjin it perseel fan de ynsprekker oan te lizzen. Doedestiids wethâlder Van der Meer hat doe tasein dat it net sa fier komme soe. No seit it kolleezje dat dit in 'vermeende toezegging' is, mar de ynsprekker hat it op papier. Oer it jaachpaad dat derachterdel rint, hat de gemeente tasein dat it frij tagonklik bliuwt, mar ek dat liket net sa. De ynsprekker freget dit plan oan Waadhoeke oer te litten, want hy is bang dat dit aansten tusken wâl en skip falt.

De hear Harms (GL) freget wêr't de beswieren no eins oer geane.

Ynsprekker seit dat it te grut en tefolle is, en dat it sa net ôfsprutsen is. Dat binne de beswieren.

De hear Van der Lubbe (PvdA) seit dat de winsk fan de útwreiding fan it bedriuweterrein der al hiel lang is. It kin sa wêze dat de wethâlder doedestiids ôfspraken makke hat, mar de provinsje hat der somtiden wat bysûndere easken oan steld (oer 'losstaande erven' bygelyks) en sa is it wurden wat no foarleit. It moat wol ôfrûne wurde en dêrom sil PvdA it stypje. Oangeande it jaachpaad: hoe wurdt dat regele? En kin der wat tasein wurde oan de ynsprekker oer de tagong nei syn hiem?

De hear Harms (GL) seit dat oer it formaat al lang en breed sprutsen is, dat is no wol útiten. Wêr't de hear Harms wol muoite mei hat is de pûst (it fjouwerkante stik grûn oan de tagongsdyk) oan it plan. En kin de tagongsdyk ek op in oar plak komme?

De hear Hoekstra (FNP) is benijd nei de brief fan de hear Hilverda, kin it kolleezje op'e nij mei de ynsprekker yn petear? Dan kin it 7 desimber op'e nij besprutsen wurde.

Wethâlder Pen fynt it spitich as it trochskood wurdt, want dit rint al sa lang. De brief fan de ynsprekker hat de wethâlder net yn it dossier weromfûn. Fan de 11 hektare wurde der no 3 beboud. De grûn is ea kocht om hjir bedriuwûntwikkeling op te dwaan. Der is no oerienstimming mei de provinsje om mei dizze hektare wat te dwaan. As de gemeente yndied fan plan wie dy grûn net te brûken, dan koe it ek wol earder ferkocht wurde.

Ynsprekker freget wêrom der 8 hektare net brûkt wurde en dy 3 hektare hielendal op it ein lizze.

Wethâlder seit dat it op syn kaartsje giet om 3 hektare foaroan, der is noch in soad romte tusken dy hektare en de grûn fan de ynsprekker. Oangeande it jaachpaad: in tuskenlizzend stik soe al ris ferkocht wêze. Dêr kin wol erfdienstbaarheid op lein wurde, mar foar in goed gehiel moat der wol in breder plan komme. De pûst wêr't de hear Harms it oer hat, is just sa betocht dat it opdield is yn twa kompartiminten. Wethâlder wol graach dat de rie jûn in beslút nimt.

Iderien kriget de brief tastjoerd.

Wethâlder Pen lêst yn de brief oer 5 hektare, no giet it oer 3 hektare. It is ek in idee om de hektare dy't oerbliuwe te ferkeapjen as agraryske grûn? Dat kin Menameradiel net mear beslute, mar it kin wol oan Waadhoeke meijûn wurde.

De hear Drost (GB) fynt dat der in soarchfâldich beslút naam wurde moat. De brief komt te let, dit moat earst goed útsocht wurde dus hy stelt út de beslútfoarming troch te skowen nei 7 desimber.

Dit punt komt op'e nij op de wurklist op 7 desimber.

12. Projektbeslút werynrjochting wei- en wetteryinfrastruktuer gebiet Marsum-Deinum-Ritsumasyl

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget oft der ek in nij projektbeslút by komme moat? Oer de brêge oer de Trekwei: der skynt in grûneigener net echt mei te wurkjen oan de grûnferkeap, kin de boargemaster dêr noch in rol by spylje?

Wethâlder Dijkstra seit dat de provinsje mei de grûneigener yn petear is.

Wethâlder Pen seit dat der in nij riedsútstel is, mei in nij riedsbeslút, wêrom moat der dan noch mear by? Dit is in oanfolling op it foargeande. Wethâlder wol noch wol sjen oft der noch wat by moat, mar kin de rie ynstimme?

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

13. Ferfanging wâlbeskoeïing Langpaed Menaam

De hear Hoekstra (FNP) stimt yn, mar by de arguminten stiet dat der mear beweging komt troch de oanlis fan in haventsje. Dy boaten binne der no ek al.

De hear Osinga (CDA) stimt yn.

De hear Harms (GL) soe de ynlieding feroarje en boppe de kosterûzing fan it wurd haven wâlbeskoeïing meitsje. Stimt yn.

De hear Drost (GB) freget doarpsbelangen a te ûndernimmen, oars giet de wâlbeskoeïing troch.

Wethâlder nimt de tekstsuggestie mei.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

14. Beskikberstelle kredyt foar ferkearsfeiligens Gernierswei

Mefrou Mast (GB) seit dat it der yndied net feilich is en is bliid dat dizze situaasje foar dizze minsken sa oplost wurdt.

De hear Magré (VVD) fynt dit in goeie maatregel.

De hear Eijzenga (CDA) fyn it moai dat it sa oplost wurde kin.

De hear Hoekstra freget wat der bart as de bewenners it bedrach fan € 5.000 net betelje kinne of wolle?

Wethâlder Pen sil noch mei de famylje prate oer de eigen bydrage. As sy net ynstimme, komt der gjin feilige oergong fan it hiem.

De hear Hoekstra (FNP) seit dat der op in soad oare plakken wurk dien wurdt om de feilichheid te ferbetterjen. It soe wol soer wêze as dit hjir net dien wurdt.

Wethâlder Pen seit dat it in kar is om op dit plak te wenjen. As hja sels gjin sinten oer hawwe foar feilichheid, dan moat de mienskip ek net ferplicht wêze mei te beteljen.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

15. Vangnet útkearing partisipaasjewet 2017

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

16. Wiziging GR Tsjinst SoZaWe mei yngong fan 1 jannewaris 2018

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

17. Wiziging 6de programbegutting 2017

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

18. Oanfraach maneezje Dronryp

De hear Harms (GL) seit dat it by de ferkeap al by de gemeente bekend wie dat de asbest der allegearre út moast. Mar der is in kâns dat de eigeners dat net wisten. GL stelt út de kosten foar de sanearring troch de gemeente dwaan te litten. De gemeente betellet dan 10.000 ekstra. Wat fine de fraksjes dêrfan?

De hear Magré (VVD) seit dat se it al foar niks krigen ha.

De hear Hoekstra (FNP) stimt yn mei de oanfrege subsydzje.

Wethâlder Pen seit dat de subsydzjeferoarding dúdlik is. De wethâlder seit dat it asbest gjin ferburgen gebrek is. As de gemeente dit no docht, dan steane der aansten mear op de stoepe.

De hear Arendz (GB) stimt yn mei it útstel.

De hear Zijlstra (CDA) stimt yn mei it útstel.

De hear Harms (GL) begrypt de argumenten fan de wethâlder en stimt yn mei it útstel.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

19. Stân fan saken gruneksploitaasje

De hear Magré (VVD) is dit in sigaar út eigen doaze? Is hjir net al ris op ôfboekt?

Wethâlder Pen seit dat hjir mar beheinde bedragen op ôfboekt binne.

Dit punt giet as hammerpunt nei it beslútfoarmjende part fan dizze gearkomste.

Beslútfoarming

10. Reaksje op sjenswize ûntwerp bestimmingsplan Bitgum-Bitgummole

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

12. Projektbeslut werynrjochting wei- en wetteryinfrastruktuer gebiet Marsum-Deinum-Ritsumasyl

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

13. Ferfanging wâlbeskoeïing Langpaed Menaam

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

14. Beskikberstelle kredyt foar ferkearsfeiligens Gernierswei

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

15. Vangnet útkearing partisipaasjewet 2017

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

16. Wiziging GR Tsjinst SoZaWe mei yngong fan 1 jannewaris 2018

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

17. Wiziging 6de programbegutting 2017

Besluten wurdt oerienkomstich it útsel.

18. Oanfraach maneezje Dronryp

Besluten wurdt oerienkomstich it útsel.

19. Stân fan saken grûneexploitaasje

Besluten wurdt oerienkomstich it útsel.

Foarsitter slút de gearkomste om 23.20 oere.

Griffier,

W. Bruinsma

Foarsitter,

T. R. Piersma

Bijlage 1: Moasjes FNP

Moasje 1

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Sjoen:

- Der tusken de 8 en 14 nij te bouwen wenningen opkocht binne op de Pôlle troch Utsjoerburo VZM en Kwekerij Zeinstra foar de húsfêsting fan arbeidsmigranten yn Berltsum.
- Der troch Lont en de OCP (ontwikkelingscombinatie De Pôlle) in skoft ûntkend is dat de wenningen ferkocht binne oan it útstjoerburo en Zeinstra foar de húsfêsting fan arbeidsmigranten.
- Ferskate keapers foarôfgeand oan de keap net ynformearre binne troch boubedriuw Lont en de OCP dat der sprake wêze soe fan de húsfêsting fan arbeidsmigranten.
- Dat dizze keapers no fan de keap ôfsjen wolle, om't se net folslein ynformearre binne, mar oant no ta foar in tichte doar komme by Lont.
- It feit dat de belutsen partijen (Lont, Zeinstra en VZM) oant no ta beheinde ynformaasje jûn ha oer wat no krekt de bedoeling is en der net út eigen beweging in iepen petear mei alle belanghawwenden oer de mooglike beswieren en oplossingen ta stân kaam is.
- Dit alles foar grutte ûnrêst ûnder de keapers en omwenners soarget.

Oerwaagjende dat :

- De ûnderfining leart dat der earder ynsidinten west ha mei seizoenarbeiders.
- In konsintraasje fan tydlike arbeidsmigranten net yn ferhâlding stiet ta it tal reguliere húshâldingen yn dizze buert.
- It bestimmingsplan net foar neat fereasket dat dizze wenningen ornearre binne foar 1 ôfsûnderlik húshâlden en oars ûnder yn'e merke setten is.
- Der sa fluch mooglik dúdlikens komme moat foar de keapers en omwenners wêr ien en oar ta lieden sil.

Sprekt út:

Dat it net winsklik is dat op dizze lokaasje tusken de 8 en 14 wenningen set wurde mei it doel om der arbeidsmigranten te húsfesten.

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder [Pen](#) en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de [húsfesting](#) fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- Foar de ried en de bewenners op papier te setten wat der oant no ta troch de gemeente ûndernommen is.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Moasje 2

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder [Pen](#) en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de húsfêsting fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- Dúdlik te meitsjen wat de juridyske definysje is fan 1 ôfsûnderlik húshâlden en hoe't hjir op hantavene wurde sil.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber, sadat de ried nei de folgjende ynformaasjebyienkomst fluch antisipearje kin op de útkomst.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Moasje 3

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder [Pen](#) en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de húsfêsting fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- Juridyske kennis oangeande dit fraachstik yn te fleanen.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber, sadat de ried nei de folgjende ynformaasjebyienkomst fluch antisipearje kin op de útkomst.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Moasje 4

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder [Pen](#) en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de húsfêsting fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- De mooglikheden te ûndersykjen om in fûns te foarmjen mei doarpsbelang en de bewenners foar finansjele stipe by in mooglik juridysk proses.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber, sadat de ried nei de folgjende ynformaasjebyienkomst fluch antisipearje kin op de útkomst.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Moasje 5

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder Pen en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de húsfesting fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- Ynsichtlik te meitsjen hokker mooglikheden der binne om dizze ûntwikkelingen op te kearen of de skea foar omwenners en keapers ta in minimum te beheinen.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber, sadat de ried nei de folgjende ynformaasjebyienkomst fluch antisipearje kin op de útkomst.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Moasje 6

De gemeenteried fan de gemeente Menameradiel, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2017;

Fersiket it kolleezje :

Sjoen de útspraken fan Wethâlder Pen en de Ried yn de Riedsgearkomste fan 28 septimber 2017: Der alles oant te dwaan om de húsfêsting fan arbeidsmigranten yn dizze situaasje op te kearen.

- De ried te ynformearjen oer wat der nedich is om dizze situaasje yn de takomst yn it foar te kommen.
- Dit foar de lêste Riedsgearkomste op 7 desimber.

En geane oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner:

Fraksje fan de FNP, Sijbe Knol

Bijlage 2 Motie 1, opsteld troch PvdA

De gemeenteraad van de gemeente Menameradiel, in vergadering bijeen op 2 november 2017;

Gezien:

- De commotie die is ontstaan door het bekend worden dat 14 nieuw te bouwen woningen in de Pôlle zijn opgekocht door VZM en Zeinstra voor de huisvesting van arbeidsmigranten in Berltsum.

Overwegende dat:

- dit grote aantal de sociale cohesie in deze nieuwbouwwijk geen goed doet,

Roept het college op om:

- Alle formele en informele middelen te onderzoeken en in te zetten om VZM en Zeinstra te bewegen om het aantal woningen t.b.v. arbeidsmigranten in de nieuwbouwwijk de Pôlle tot een aanvaardbaar aantal te verkleinen.

- De Raad regelmatig te informeren over de formele en informele middelen en de voortgang.

En gaat over tot de orde van de dag.

Ingediend door:

- CDA
- Gemeentebelangen
- VVD
- PvdA
- Goen Links
- FNP